

Volg ons op social media!

Datum DS-gearkomste	02-07-202410-12-2024
Punt fan 'e wurklist	Klik of tik om tekst in te voeren.
Geheim	Ja
Tot	02-10-202410-12-2025

1. ûnderwerp

Twataligens op Ferkearsbuorden yn it Fryske Taalgebiet

2. Registraasje

Registraasienûmer: 02272505

Ôfdiel 46

Portefûljehâlder: De Vries, Folkerts

3. Advys

Advys jûn troch

Namme:

J J
J J
J J

Ôfdieling/ opjefte:

J
J
J

4. Koarte gearfetting

It Frysk is ús twadde Rykstaal en in offisjele taal yn de provinsje Fryslân, mar dy status wurdt net wjerspegele yn de sichtberens fan de taal yn de iepenbiere romte en de oanwêzigens dêrfan op de ferkearsbuorden. Foar de fitalens fan it Frysk is it wichtich dat it Frysk yn de iepenbiere romte in lykweardich plak neist it Nederlânsk kriget. Oan DS wurdt foarsteld om de noarm foar ferkearsbuorden mei tekst yn it Fryske taalgebiet twatalich fêst te stellen, ta te passen op de Fryske diken ûnder provinsjaal behear en harren yn te setten om it Ryk en de gemeenten itselde dwaan te litten op de diken ûnder harren behear.

5. Relaasje mei moasje / tasizzing

Moasje 2938 fan de FNP Sichtberens Frysk en streektalen.

6. DS beslute

1. foar permaninte en tydlike talige uteringen yn it ferkear dêr't de provinsje Fryslân ferantwurdlik foar is, tenei twatalichheid (de Nederlânske en Fryske taal) as noarm fêst te stellen yn it Fryske taalgebiet;
2. om yn de twadde perioade fan de BFTK (uterlik 2026) in begjin te meitsjen mei de ferfanging fan sa folle as mooglik talige ferkearsbuorden op diken ûnder provinsjaal behear yn it Fryske taalgebiet;
3. de ferfanging fan buorden op sawisa de provinsjale diken sa folle as mooglik yn ien slach troch te fieren yn it ramt fan ferkearsfeiligens en dêrmei bewust ôf te wiken fan it provinsjale en Ryksbelied, dat foarskriuwt om buorden allinnich te ferfangen as se skansearre binne;
4. om mei de gemeenten en it Ryk op te lûken om ek de wegen ûnder harren behear te ferfyskjen wêrby't de provinsje oan de slach sil op basis fan it prinsipe koälysje of the willing. Fia it bestjoerlik oerlis Mei-inoar foar it Frysk en de bestjoerstafel OVVF yn te setten op it fergrutsjen fan dy koälysje;
5. om de effekten op ferkearsfeiligens en de sichtberens fan it Frysk nei útfiering te evaluearjen binnen de reguliere monitoaring

Commented

 Ik ha nei oanlieding fan it kommentaar van Matthijs op dit punt dizze ferdúdliking taheakke.

7. Finansjele aspekten (ekskl. btw)

De krekte kosten fan de ferfanging fan de ferkearsbuorden kinne pas op basis fan in útfieringsplan foarlein wurde, mar der is yn de begrutting fan de nije taalnota alfêst jild reservearre foar dit proses op basis fan in kostenrûzing fan de HR-Groep. De rûzing foar de ferfrysing fan de provinsjale wegen is €420.000,-.

Kosten	Mei inoar	2024	2025	2026	2027	2028	%
Bydrage provinsje	1.680.000	-	200.000	530.000	530.000	420.000	
Bydrage tredde							
Mei inoar							

Namme budzjet provinsjale bydrage: Sichtberens de twatalige provinsje

Restant budzjet nei alle ferplichtings (dizze deryn begrepen): N.f.t.

Jier	2024	2025	2026	2027	2028
Restant budzjet					

Begruttingswiziging fanneden: Klik hier als u tekst wilt invoeren.

As dat sa is:

Nee Yn ramt mandaat DS? Begruttingswiziging DS taheakke.

Nee Buten mandaat DS? Begruttingswiziging PS taheakke.

8. Finansjele en bestjoerlike oandachtspunten en risiko's

As we it ha oer ferkearsbuorden yn dit stik, wurdt der op ferkearsbuorden mei tekst doeld. Dat giet oer formele buorden dy't ûnder de RVV falle, mar ek de teksten dy't tydlik yn it ferkear te finen binne. Oer plaknammebuorden en paadwizers wurdt yn dit stik ek fierder op yngien.

Finansjele oandachtspunten:

De kosten dy't neffens de hjoeddeistige buordenbehearder op provinsjale diken ferbûn sitte oan it ferfrysken fan talige buorden is €420.000,-. It is in rûzing om't de provinsje net in database hat dêr't alle buorden krekt yn byholden wurde. Dat jild is reservearre yn it budzjet Sichtberens de Twatalige Provinsje. Alle kosten dy't ferbûn binne oan it yntrodusearjen fan twataligens op de ferkearsbuorden wurde dutsen út budzjetten fan taal.

NB.: De paadwizers (bewegwijzering) binne net meinaam yn dy rûzing.

It Ryk hat foar de kommende twa jier € 200.000 beskikber makke foar de sichtberens fan it Frysk. De kommende jierren is der yn totaal ek € 1,68 miljoen begrutte op in sichtber twatalige provinsje, dêr't dy € 200.000 oan Ryksjilden yn opnaam is. Dat dekt de ferfrysing fan de provinsjale diken en jout ek romte om in bydrage te leverjen oan

de ferfryske fan ryks- en gemeentlike diken of gemeentlike buorden op krusingen tusken gemeentlike en provinsjale diken mei te nimmen (sjoch punt 13 foar in oersjoch fan dy diken en fan de kosten per oerheidsnivo).

De kosten dy't oan it ferfangen fan alle ferkearsbuorden yn it Fryske taalgebiet ferbûn binne, binne eks. plaknammebuorden om de € 3,5 miljoen (ynkl. ferkearsmaatregelen) hinne. Ynklysyf plaknammebuorden wurdt dat bedrach skat op sa'n € 4,7 miljoen. Dy falle lykwols ûnder gemeentlike ferantwurdlikheid. De niisneamde € 3,5 miljoen en € 4,7 miljoen is ferdield oer de ferskate dykbehearders. Dy kosten binne in rûzing fan HR-groep dy't no de provinsjale ferkearsbuorden yn behear ha.

De splitsing tusken ynklusyf en eksklusyf plaknammebuorden is no makke om't de tsjinst advisearret om de diskusje omtrent plaknammebuorden net wer opstarte te litten om't dat liedt ta skerpe debatten en argewaasje. De Fryske plaknammen binne faak nei in skerpe diskusje ynfierd en dit foarstel is net bedoeld om dat wer oan te fiterjen. Yn guon gemeenten is op dit stuit al keazen foar Frysktalige plaknammen en oanstjutting. Yn dy gefallen is it tafoegjen fan de Nederlânske oersetting net winsklik en/of needsaaklik. De gemeenten binne sels ferantwurdlik foar de taal dêr't de plaknammen yn fêstlein wurde.

Bestjoerlike oandachtspunten:

Folsleine en funksjonele sichtberens fan it Frysk

It Frysk fertsjinniget as twadde offisjele taal yn Fryslân in lykweardich plak neist it Nederlânsk yn de iepenbiere romte. Bestjoerlik is dêr de ôfrûne jierren ek al op ynsetten. Sa hat it foarrige kolleezje op 2 maart 2021 besletten om yn te setten op in folsleine en funksjonele sichtberens fan it Frysk yn it ynterne en eksterne taalbelied en yn de publike romte. Ek binne der yn de BFTK en de taalnota *Fansels Frysk* ôfspraken makke oer it ferfrysken fan de ferkearsbuorden. Beslute om tenei de noarm foar talige ferkearsbuorden yn Fryslân twatalich te meitsjen en dat út te fieren, slút oan by de ambysje dy't fêststeld is troch it eardere kolleezje en yn de twa stikken dy't it kolleezje en PS fêststeld hawwe. Sa as ek yn it bestjoersakkoart opnaam is, hat de provinsje yn foarbyldfunksje en in noblesse oblige om op dit dossier de earste stappen te setten. As de provinsje it net docht, docht net ien it.

Yn de lânlike polityk is der ek wol ear nei meartalige ferkearsbuorden. Op 2 april 2024 is der in moasje yn de Twadde Keamer oannaam dêr't de Keamer it Ryk fersiket om yn te setten op mear oanwêzigens fan it Frysk yn 'e iepenbiere romte en de (juridyske) beheinings dêrfoar fuort te heljen.

Ferkearsfeiligens

In oar wichtich punt fan omtinken by it ferfrysken fan de ynfrastuktuer is de ferkearsfeiligens. De tsjinst sil by de útfiering fan it beslút der goed op lette dat it aspekt ferkearsfeiligens meinaam wurdt. Tink derby oan de foarm, de sichtberens fan de oare ferkearsdielnimmers ensafh. We meitsje hjirby gebrûk fan ûnderfinings yn oare lannen. Sa lit ûndersyk út Skotlân sjen dat meartalige ferkearsbuorden net soargje foar in feroaring yn it tal ûngelokken. Dyselde meartalige buorden besteande yn in tal oare meartalige regio's bestean. Dochs kin der by de boarger noch wol it libje dat meartalige ferkearsbuorden ûnfeilich binne. Op basis fan wittenskiplik ûndersyk is it útgangspunt op dit stuit dat it yntrodusearjen fan Frysk op ferkearsbuorden de ferkearsfeiligens net negatyf hoecht te beynfloedzjen. De resultaten yn oare lannen binne gjin 100% garânsje foar Fryslân. Dêrom sil der by de útfiering oandacht wêze foar de ferskillen tusken de Fryske diken en bûtenlânske diken. Utsoarte sil der in kampanje komme om de boarger bewust te meitsjen fan de feroaring en foar te kommen dat de ferkearsbuorden as ferrassing komme. Sjoch hjirûnder foar in gearfetting fan wittenskiplik ûndersyk oer it effekt fan meartalige ferkearsbuorden op de ferkearsfeiligens en de punten fan omtinken (punt 12).

Provinsjaal belied oangeande it dykûntwerp

Yn de 'Nota integraal wegontwerp' is besocht it tal buorden, dykmeubilêr ensfh. sa beheind mooglik te hâlden. Dat draacht by oan in rêstich byld fan 'e dyk, dat de ferkearsfeiligens ferbetteret. It soarget ek foar in ûnfersteurde ûnderfining fan it lânskip by de dyk lâns. It tafoegjen fan ekstra oanwizings is yn striid mei dat belied. It effekt sil faaks beheind wêze, mar bygelyks by paadwizers (bewegwijzering) kin twataligens liede ta flinke oanpassings. It is dêrom wichtich dat der nei de útfiering fan de maatregel in evaluaasje plakfint.

Simultaan ferfange

Foar de ferkearsfeiligens binne der twa saken fan belang: de werkenberheid en unifoarmiteit fan de ferkearsbuorden en it profyl fan de ferkearsdielnimmer. Fanút it provinsjaal belied op dykûntwerp en duorsume ferkearsfeiligens is it wichtich om te soargjen foar unifoarme en herkenbare uteringen lâns de dyk. Yn dit ferbân is ek de demografyske ûntwikkeling yn Fryslân fan belang. De ferkearsdielnimmers wurde ferhâldingsgewis hieltid mear. En mei it âlder wurden trede der hieltid mear funksjebeheinings op:

1. Waarnemen: achteruitgang in visuele, auditive en cognitieve functies
2. Beslissen: verminderen van het vermogen om hoofd- en secundaire taken tegelijkertijd uit te voeren
3. Handelen: afname van het reactievermogen en de snelheid om te reageren.

Dêrom is it útgangspunt om de ferkearsbuorden sa folle as mooglik yn ien kear oan te passen en net per gefal, bygelyks by skea oan in boerd. Sa bliuwe de uterings by de dyk del unifoarmer en werkenberder en wurdt ferkearsfeiligens better boarge. By de ymplementaasje fan de twataligens, sil goed undersocht wurde moatte oft alles hielendal tagelyk barre sil, of dat it winslik is earst in oantal maklik te begripen buorden oan te passen sadat de weibrûker wenne kin oan twataligens op de buorden. It is yn elts gefal tige ûnwinsklik om buorden te hawwen dy't itselde betsjutte, mar der oars útsjogge. Ynformaasje op de dyk moat foarspelber en dúdlik wêze (sjoch ek de neiere taljochting ûnder punt 12).

Dêrneist is der ek in útfieringstechnysk argumint foar it lyktidich ferfange fan de buorden. Sa is it makliker foar de útfiering om yn ien rit alle deselde buorden te ferfangen. Dy wurksumens leverje amper stremmings op en kinne dêrom sûnder in soad ferkearshinder útfierd wurde.

Paadwizers

De tsjinst advisearret om op dit stuit gjin twatalige paadwizers te yntrodusearjen. Dat om't de NBd dêr negatyf oer advisearret en om't der foarhinne in skerpe diskusje om de twatalige plaknammen west hat. It is mei dit foarstel net de bedoeling om dy diskusje wer oan te fiterjen.

Streektaal

Der binne ek parten fan Fryslân yn it Fryske taalgebiet dêr't in oare streektaal neist it Frysk praat wurdt. Yn dit proses hawwe dy streektaal omtinken en sil der sjoen wurde nei de mooglikheden op dat mêd. Dêrby is it wol wichtich om omtinken te hawwen foar it ferskil yn offisjele status fan it Frysk en de streektaal.

Duorsumens

Ek sil der rekken holden wurde mei duorsumens yn it proses. Sa sil der sjoen wurde oft de buorden dy't ferfongen wurde yn in oare provinsjes ynsetten wurde kinne (dy gearwurking bestiet al) en oft der bygelyks mei stikers wurde kin. Dat sadat kapitaalfernietiging mijde wurdt.

Eaststellingwerf

Mei de gemeente Eaststellingwerf rint op dit stuit in bestjoerlike diskusje oer it plak fan it Frysk yn dy gemeente. De tsjinst advisearret dêrom om it dêr foarearst net yn te setten op meartalige ferkearsbuorden.

Commented J J Ik tink net dat ik hielendal begryp wat de KIdK krekt woe mei de streektaal, mar ik ha dit der no fan makke. Soesto ris meisjen en meitinke kinne?

Commented J J J fan PW út efkes meisjen kinne nei dizze tekst?

Fierdere punten fan omtinken

~~Ek sil der rekken holden wurde mei duorsumens yn it proses. Sa sil der sjoen wurde oft de buorden dy't ferfongen wurde yn in oare provinsjes ynsetten wurde kinne (dy gearwurking bestiet al) en oft der bygelyks mei stikkens wurke wurde kin. De streektalen sille ek op in passende wize meinaam wurde yn it proses. Dêrby is it wol wichtich om omtinken te hawwen foar it ferskil yn offisjele status fan it Frysk en de streektalen. De groepen dy't oanheakke binne by it OVVF, en AVVF en it ROF (allegear oerlisorganen foar ferkearsfeiligens) wurde aktyf behelle yn it proses. Der sil ek sjoen wurde nei de juridyske beheinings en oft en hoe't de Fryske teksten passe yn it Reglement verkeersregels en ferkeerstekens 1990 (RVV 1990) en it Besluit administratieve bepalingen inzake het wegverkeer (BABW).~~

Yn guon gemeenten is op dit stuit al keazen foar Frysktalige plaknammen en oantsjutting. Yn dy gefallen is it tafoegjen fan de Nederlânske oersetting net winsklik en/of needsaaklik. De gemeenten binne sels ferantwurdlik foar yn hokker taal de plaknammen fêstlein wurde.

9. Yn oerwaging nommen alternativen

Fasearre Yntroduksje fan Frysk op ferkearsbuorden

Meartalige ferkearsbuorden kinne fasearre yntrodusearre wurde, lykas it Ryk mei oare ferkearsbuorden docht. Dan wurdt it meinaam yn it gebrûklike ûnderhâld of yn it ferfangen fan skansearre ferkearsbuorden. Op dy manier hoege net alle buorden yn Fryslân yn ien slach oanpast te wurden en kinne dêrmei kosten besparre wurde. Ek soe it Frysk meinaam wurde kinne by de nije ynrjochting fan it strjitmeubilêr. As der dan bygelyks in nije dyk iepene wurdt, kinne der fuortendaliks buorden mei de beide talen pleatst wurde.

Dat is fanút in ferkearsfeiligens perspektyf net winsklik. Ut ûndersyk docht bliken, en it is ek belied, dat buorden sa konsistint as mooglik trochfierd wurde om betizing foar te kommen en dêrtroch ferkearsfeiligens sa goed as mooglik te boargjen. Sjoch ek by de oandachtspunten dêr't neier yngien wurdt op duorsum feilich ferkear.

In punt fan omtinken is ek dat de ferfanging hiel stadich oan gean sil en dat it op in beskaat stuit fêstrinne kin, dêr't it beheljen fan in folslein twatalige (drûge) ynfastruktuer troch yn gefaar komt, ek om't it jild foar de ferfanging mar oant 2028 beskikber is. As der nei dy perioade gjin budzjet beskikber makke wurdt, wurdt de ferfrysingsslach net foltôge. Undersyk nei de sichtberens fan in taal yn de publike romte jout oan dat de taal ek genôch oanwêzich wêze en dêrtroch opfalle moat foar't it effekt hat op de status fan de taal¹. It doel om de taal te fersterkjen troch it sichtberder te meitsjen soe dus net behelle wurde as de oanwêzigens fan twatalige ferkearsbuorden beheind is.

Mocht it dochs praktysk nedich wêze om meartalige ferkearsbuorden fasearre te yntrodusearjen, is it oan te rieden om dat dan wol sa folle as mooglik per type dyk, weifak of boerd oan te pakken. Dat wer om betiizjende situaasjes foar te kommen. Yn de tariedings dy't op dit stuit dwaande binne wurde dy opsjes besjoen.

Ientalich Fryske Ferkearsbuorden

Der soe ek keazen wurde kinne foar allinnich Frysktalige ferkearsbuorden om bygelyks foar te kommen dat de ferkearsbuorden grutter moatte. Dat is neffens de tsjinst net winsklik. It Frysk is de memmetaal fan likernôch 50% fan ús ynwenners. Dat betsjut dat der in grut part fan de Friezen it Nederlânsk as memmetaal hat. Troch allinnich Frysktalige ferkearsbuorden te yntrodusearjen wurdt foarbygien oan dy Friezen. Ien fan de doelen fan

de yntroduksje fan twatalige ferkearsbuorden is dat it Frysk in lykweardige posysje neist it Nederlânsk kriget. Troch allinnich it Frysk te yntrodusearjen, wurdt dat doel net behelle. Ek as we oare minderheidstaalregio's as foarbyld nimme, binne twatalige ferkearsbuorden de meast gaadlik opsje. Boppedat soe in folsleine wetswiziging nedich wêze as ientalich Fryske ferkearsbuorden yntrodusearre wurde en soe de fokus fan ús ynset earst op de wetswiziging sitte moatte. Troch it wetlik fêststelde Nederlânsk op de buorden te hâlden, binne de buorden wetlik ek noch rjochtsjildich.

Gjin yntroduksje fan it Frysk

In oar alternatyf is om it Frysk hielendal net te yntrodusearjen yn de Fryske ynfastruktuer, mar dat giet folslein tsjin in line dy't it kolleezje earder ynsetten hat yn en tsjin de ambysjes dy't opnaam binne yn de BFTK en de taalnota.

10. Ferfolchprosedueres

Provinsjale Steaten: Nee
Oare ferfolchproseduere:

11. Kommunikaasje / aksjes bedoeld foar de media

Parseberjocht: Klik hier als u tekst wilt invoeren.
Parsekontakt: Klik hier als u tekst wilt invoeren.
Oare aksje:

Om't de provinsje allinnich de ferkearsbuorden ferfange kin dy't oan de provinsjale diken steane, soe it moai wêze dat de gemeenten ek sa folle as mooglik de twataligens yntrodusearje op de diken.

De reden dat de provinsje graach twatalige ferkearsbuorden yntrodusearje wol, is om't se it Frysk ek yn de iepenbiere romte in lykweardich plak neist it Nederlânsk jaan wol. Sa hat de provinsje dêr al op ynsetten mei it sichtberensakkoart. As der ien plak is dêr't it Frysk konsekwint en konsistint in lykweardich plak yn de iepenbiere romte krije kin, is op de ferkearsbuorden yn it Fryske taalgebiet.

Yn dy ambysje is fansels rekken hâlden mei it feit dat de ferkearsfeiligens boarge wurde en dat ferkearsbuorden net allinnich op provinsjale diken steane, mar ek op diken ûnder gemeentlik en Ryksbehear. Om de ferkearsfeiligens te boargjen is it wichtich om sa folle as mooglik in unifoarm strjitbyld oan te hâlden. It is dus fan belang dat de gemeenten en it Ryk yn it ramt fan ferkearsfeiligens ek sa folle as mooglik de twataligens yntrodusearje op harren diken. Dêrneist kinne we de gemeenten ek oanbiede om de gemeentlike buorden mei te nimmen as de provinsje in krusing fan in provinsjale en gemeentlike dyk ferfrysket.

Dêrom wurde yn de kommende moannen de stakeholders op it mêd fan it beskermjen en befoarderjen fan it Frysk meinaam, mar ek dy op it mêd fan ferkearsfeiligens. Is it wichtich dat de gemeenten ek ree binne om op harren wegen te ferfryskjen om it Frysk wier in lykweardich plak te bieden en tagelyk te ferkearsfeiligens te boargjen. It earste diel fan de **kearnboadskip** nei de gemeenten ta sil dus ek wêze dat it wichtich is foar de fitalens fan it Frysk dat de taal in lykweardich plak neist it Nederlânsk yn ús iepenbiere romte hat en dêr dus ek konsistint en konsekwint sichtber is. As der ien plak is dêr't dat kin, is it op ús ferkearsbuorden. Dêrby moat de ferkearsfeiligens boarge bliuwe. Lykas earder al oanjûn is in unifoarm strjitbyld fan belang foar de ferkearsfeiligens. It is dêrom wichtich dat de Nederlânsk-Fryske buorden net allinnich op de provinsjale diken de noarm binne, mar ek op dy fan de gemeenten en it Ryk. It

twadde diel fan de kearnboadskip is dan dat de gemeenten eins ek safolle as mooglik ferfryske moatte om de ferkearsfeiligens te boargjen. Gearfetsjend moatte de gemeenten dus earst it belang fan de sichtberens fan it Frysk op de ferkearsbuorden ynsjen en dêrnei dat dat allinnich mei inoar op in ferkearsfeilige wize kin.

Dêrneist kinne we de gemeenten ek oanbiede om de gemeentlike buorden mei te nimmen as de provinsje in krusing fan in provinsjale en gemeentlike dyk ferfrysket.

Der binne twa bestjoerlike tafels dy't relatearre binne oan de beliedsfjilden yn dit stik: it BO Mei-Inoar foar it Frysk en it OVVF foar de ferkearsfeiligens. It útstel fan de tsjinst is om dit ûnderwerp yn de folgjende gearkomsten mei boppesteande boadskip te agindearjen. Dat is foar it BO Mei-Inoar foar it Frysk op 11 desimber of dy fan 5 maart. De folgjende gearkomste mei it OVVF stiet op 17 april. Oare maatskiplike partners sille op in oare wize of fia de mail oansprutsen wûre. It folgjende OVVF is op 5 desimber. Deputearre De Vries is dêr net by oanwêzich en eins is der ek gjin romte op de agenda mear om dit goed te bepraten. As deputearre De Vries oanwêzich wêze wol wannear't dit agindearre wurdt, moat it yn in lettere gearkomste weromkomme. It folgjende OVVF mei de gemeenten sil nei alle gedachten healwei april plakfine.

Yn forbân mei de strategyske kommunikaasje om dit stik hinne, binne der arguminten foar en tsjin it geheimhâlden fan dit stik. As DS foar dy bestjoerlike oerlizzen beslute wol oer dit ûnderwerp, soe in iepenbier stik kontraproduktif wurkje om't it hiele idee fan gearwurkjen dan ferdwynt. Yn dat gefal advisearret de tsjinst om it stik as geheim te agindearjen. Mocht DS it beslút dochs iepenbier meitsje wolle, dan is it ferstannich om mei it formele beslút ôf te wachtsjen oant der bestjoerlike oerienkomst berikke is yn de twa bestjoerlike oerlizzen.

NB. Dit is in stik yn tarieding op de bestjoerlike beslútfoarmingdiskusje. Nei't der in bestjoerlike oerienkomst is, kin de tsjinst nei oanlieding fan de beslútfoarming in konkrete kommunikaasjestrategy rjochting de boarger foarstelle.

12. Neiere taljochting

Neiere taljochting

Op 8 april 2024 hawwe it Ryk en de provinsje Fryslân de nije BFTK ûndertekene. Yn de BFTK binne ôfspraken makke oer it yntrodusearjen fan twatalige ferkearsbuorden yn de Fryske ynfastruktuer. Troch it Frysk konsistint en konsekwint sichtber te meitsjen yn de iepenbiere romte wurdt de status fan it Frysk ferhege, is der in needsaak om de taal te learen en wurdt der útfiering jûn oan it feit dat it Frysk de twadde offisjele rykstaal is. Ek jouwe eksperts oan dat in taal nei alle gedachten net oerlibbet sûnder substansjele funksjonele sichtberens yn de publike romte². Troch it Frysk ek yn de ynfastruktuer troch te fieren, sil it Frysk struktureel, konsistint en funksjoneel sichtber wêze.

Formeel ramt

Sûnt 2014 is de Wet Gebrûk Fryske taal fan krêft dy't bepaalt dat it Nederlânsk en it Frysk de offisjele talen yn Fryslân binne. Yn it formele gebrûk lykwols, slacht it Nederlânsk noch hieltyd foar master op en is dat yn it praktysk gebrûk de iennige offisjele taal. Nei oanlieding fan it Sichtberensakkoart hat de provinsje de buorden mei 'Cameratoezicht' by provinsjale brêgen ferfongen troch buorden mei 'Kameratafersjoch.' Provinsjale Wettersteat brûkt it Frysk in soad yn ferskate uteringen en jout dêrmei it goede foarbyld. It Ryk hat ûnderwilens ek inkelde fan dit soarte uterings oanbrocht lâns harren dyken nei oanlieding fan it Sichtberensakkoart. Fan in fierdere ferfryskingsslach fan it strjitmeubilêr is eins noch gjin sprake, want teksten fan de oerheid yn de iepenbiere romte binne, op lytse útsûnderings nei, noch folslein Nederlânsk talich. Dêr wurdt de provinsje troch de gemeenten, it Ryk en út Europa wei ek wol gauris op oansprutsen, dat de provinsje formeel twatalich is mar dat soks yn de iepenbiere romte te min te sjen is.

Commented

Ik ha dit stik oanpast nei oanlieding fan de wisk fan de Kfak om dit stik te dielen mei de gemeenten. Soenen jim efkes meileze kinne oft ik alles sa goed ferwurde ha en oft dit akkoart

len foarbyld dêrfan is it brief fan 23 jannewaris 2023 (registrearre ûnder nûmer 02071224) fan it kolleezje fan boargemasters en wethâlders fan Achtkarspelen oer it ferfryskjen fan it ferkearsboerd G13 troch it wurd 'fietspad' te ferfangen troch 'fytspaad'. Dit koe doe net omdat yn it RVV 1990 allinnich de beneaming 'fietspad' fêstlein is³. Yn dy brief freget it kolleezje om mei de nije BFTK ek yn te setten op it opnimmen fan it Frysk yn it RVV 1990 en BABW. Ut dy brief docht dus bliken dat der ferlet is fan Frysk yn de ynfra en dat it op dit stuit net mooglik is om it Frysk dêr te yntrodusearjen. It Sichtberensakkoart jout hjir in goed ramt foar en it fersyk fan Achtkarspelen is feitlik in oanfitering om dat as provinsje te bestindigjen en oeral yn de praktyk te bringen. Ek net onbelangryk: de *Committee of Experts* foar it Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen hat de provinsje oanrikkemandearre om de yntroduksje fan twatalige (ferkears)buorden en/of plaknammen te stimulearjen. As lêst waarden de ferkearsbuorden ek behannele yn in oannommen moasje ûnder it twaminutendebat oer de fuortgong fan de BFTK op 27 maart 2024 en binne der no dus konkrete ôfspraken yn de BFTK oer makke.


Sichtberens fan it Frysk

Twataligens yn it ferkear is net nij. Yn Ierlân, Wales, Kanada, Amearika, Sina, India, Japan, Fietnam, Sri Lanka, België, it Feriene Keninkryk, Finlân, Dútslân, Grikelân, Italië, Switserlân, Turkije, Israel en Saûdy-Arabië binne al twa- of meartalige buorden te finen yn de ynfastruktuer⁴. Yn Fryslân mist dy meartaligens yn it strjitbyld oant no ta, los fan in pear sporadyske foarbylden sa as in inkel boerd mei 'foarbygeanplak'. Dat der ferlet fan de sichtberens fan it Frysk is, hat feitlik al in lange histoarje:

- Sa binne yn de jierren 70 en 80 de earste Frysktalige plaknammebuorden ynfierd;
- Is yn de jierren 80 troch PS besletten it Fryske wetter (marren, fearten, sleatten, puollen ensfh) (hast oeral) offisjele Frysktalige nammen te jaan;
- Is yn 1995 troch PS besletten om de offisjele namme fan de provinsje te feroarjen fan Friesland nei Fryslân;
- Hawwe hast alle weryndielingsgemeenten sûnt de jierren 80 besletten om de nije gemeente Frysktalige nammen te jaan;
- Is it brûken fan it Frysk yn de iepenbiere romte hjir en dêr wol tanommen.

By de ferfrysking fan de ynfastruktuer soe it gean om buorden dy't men yn it ferkear tsjinkomt mei Nederlânske teksten. Dit binne dus buorden sa as 'fietspad', mar ek de 'UIT'-buorden, 'ZONE'-buorden oant de 'doorgaand verkeer'-buorden.

Deputearre Steaten kin it beslút nimme oer de bebuording by Fryske provinsjale N-diken del dy by de provinsje yn behear binne. Hjirûnder ter yllustraasje in kaart fan de provinsjale diken, splitst per dykbehearder mei de provinsjale diken yn it read.



Kosten

De kosten dy't oan it ferfangen fan alle talige ferkearsbuorden yn Fryslân fêstsitte binne eks. plaknammebuorden om de € 3,5 miljoen (ynkl. ferkearsmaatregelen) hinne foar alle diken yn Fryslân, dus dy ûnder Ryks-, provinsjaal en gemeentlik behear. Ynklusyf plaknammebuorden wurdt dat bedrach rûsd op sa'n € 4,9 miljoen. De niisneamde € 3,5 miljoen en € 4,9 miljoen is sa ferdield oer de ferskate dykbehearders:

Dykbehearder	€3,5 miljoen
Gemeenten	€ 2,75 miljoen
Provinsje	€ 420.000
Ryk	€ 341.000

De kostenrûzing is troch HR Groep Streetcare opsteld dy't op dit stuit de provinsjale bebuording yn behear hat en binne eksklusyf de paadwizers (bewegwijzering).

Op de provinsjale begrutting foar de kommende 5 jier is 1,68 miljoen reservearre foar it yntrodusearjen fan twataligens op ferkearsbuorden by provinsjale diken. De 1,26 miljoen dy't oerbliuwt nei de ferfrysking wurde brûkt yn it foartrajekt (it ûntwerp fan de buorden ensafh.) en kin ynset wurde om de gemeenten temjitte te kommen yn de ferfrysking. Der sil besjoen wurde moatte hoe't de restearjende 1,26 miljoen ferdield wurde sil oer it Ryk en de gemeenten. Sa soenen we de gemeenten temjitte komme kinne mei in subsydjeregeling.

Ferkearsfeiligens en Meartalige Ferkearsbuorden

Ien fan de punten fan omtinken is it effekt fan meartalige ferkearsbuorden op de ferkearsfeiligens. Yn ferskate lannen wurde meartalige ferkearsbuorden brûkt. Yn in oantal fan dy lannen of regio's is sjoen nei de effecten op de ferkearsfeiligens.

In stúdzje nei it effekt fan meartaligens yn it ferkear liet sjen dat meartalige ferkearsbuorden mei fjouwer rigels tekst in feartreduksje feroarsaken, dêr't meartalige buorden mei minder as fjouwer rigels gjin effekt hienen op de snelheid⁵. Dat effekt waard ek fûn by ientalige buorden. De feartreduksje, dy't gefaarlik wêze kin, is nei alle gedachten dus net in resultaat fan de meartaligens, mar fan it tal ynformaasje. Om gefaar troch feartreduksje foar te kommen kin it oantal rigels op in boerd fermindere wurde troch meardere buorden yn te setten, sa as ek dien wurdt in Ierlân. Ek witte we dat de weibrûker, as dy te folle ynformaasje kriget, dat negearje kin. Dat kin ek ta ûnfeiligens liede. By it útwurkjen van de twatalige buorden, sil goed sjoen wurde nei dy aspekten. Op hokker wize kinne wy buorden sa oanpasse dat de weigebriker die goed ta sich nimme kin. Feartreduksje is yn elst gefal tige ûnwinslik op diken mei hegere snelheden.

Undersyk fan Kinnear et al. (2012) lit dêrneist ek sjen dat meartalige ferkearsbuorden hiel goed mooglik binne sûnder dat it ta skea giet fan de ferkearsfeiligens. Ut dat ûndersyk die bliken dat de yntroduksje fan twatalige ferkearsbuorden net laat hat ta in feroaring yn it tal ûngelokken op de Skotske diken⁶. Al mei al meie we der fan útgean dat meartalige buorden net perfoarst in negatyf effekt ha op de ferkearsfeiligens.


It feit dat twatalige buorden yn Skotlân, oare regio's en dus nei alle gedachten ek yn Fryslân net soargje sille foar (mear) ûngelokken komt nei alle gedachten troch it fenomeen dat minsken faak earst nei it meast opfallende sjogge. Yn lannen sa as Ierlân en Skotlân wurde de twa talen op ferkearsbuorden typografysk ferskillend presintearre. Op Skotske buorden binne bygelyks de Skotske frazes giel en de Ingelske frazes wyt. Sjoch foar foarbylden hjirûnder. Undersyk nei de bewegings fan de eagen by meartalige ferkearsbuorden lit sjen dat de eagen fan minsken earst fiksearje op de meast opfallende tekst⁷. Yn Quebec, dêr't it Frânsk 'primacy' hat oer it Ingelsk en dy taal dus op

ferkearsbuorden foarrang hat, sjogge memmetaalsprekkers fan it Frânsk **en** fan it Ingelsk earst nei de Frânske tekst omdat dy taal it meast opfalt⁷. It is dus goed om derfoar te soargjen dat de twa talen typologysk ferskille, omdat it minsken helpe kin mei it finen fan de jûste ynformaasje en taal op de buorden⁷. Om ferkearsfeiligens te garandearjen soe it it bêst wêze as de Fryske tekst op twa typologyske manieren ferskilt fan de Hollânske tekst: bygelyks troch de tekst giel en kursyf te meitsjen⁴. It effekt fan de twatalige ferkearsbuorden op ientalige bestjoerders is nei alle gedachten ek minimaal: bestjoerders dy't mar ien fan de twa buorden machtich binne sjogge allinnich nei de taal dy't se kinne wêrtroch de kognitive lêst op harren leger is as op de meartalige bestjoerder⁸.

Dêrneist is it wichtich om de ynformaasje op ferkearsbuorden te groepearjen per taal en om de dominante taal boppe op te setten¹⁰. Hokker taal dat is, is in politike kar.



Figuer 1 Twatalich
Ferkearsboerd Skotlân



Figuer 2 Twatalich Ferkearsboerd Ierlân

Alle ûndersiken op it mêd fan meartaligens yn it ferkear binne, logyskerwiis, dien op diken yn it bûtenlân. Yn de ferkenning sil rekken holden wurde mei de mooglike ôfwikende dykstruktuer fan Fryslân. Is dêr sprake fan in gruttere tichtheid fan bestimmingen of mear drokte yn it ferkear en wat is it effekt derfan yn dat gefal op benammen paadwizers. Kin dat ta gefolch ha dat buorden op gruttere ôfstân pleatst wurde moatte? En trochdat it tal buorden of de omfang derfan tanimt, moat ek rekken hâlden wurde mei it mooglik behinderjen fan it sicht fan ferkear.

Hoewol yn de measte gefallen trochgeans gjin negative effekten fûn wurde, sil it út de ferkenning blike moatte of alle talige buorden ferefangber binnen troch twatalige buorden. De resultaten van de Fryske útwurking sil by goeie ûnderfinings, tafoege wurde oan de Nota integraal wegontwerp. Sa as by de oandachtspunten al stiet, wykt it fermearderjen fan it tal buorden ôf fan de útgongspunten yn dy nota. Dêryn wurdt ynstutsen op it sa beheind mooglik hâlden fan ûnder mear bebuoring.

Ferkenningsfase

Yn de ferkenningsfase sil ûndersyk dien wurde nei de wize wêrop't en hoe buorden te ferfryskjen binne. Yn dizze talochting op de ferkenningsfase wurdt stilstien by prinsipes foar de ferkearsfeiligens, de fervolchstappen en it tiidspaad.

A Ferkearsfeiligens: Best Practices

Ut de erfaringen fan oare lannen binne trije tige wichtige aspekten dêr't rekken mei holden wurde moat foar ferkearsfeiligens: fertroudens, kompatibiliteit en standerdisaasje¹¹. Fertroudens slacht op hoe faak oft minsken dit symboal tsjinkomme,

kompatibiliteit op hoe't de ikoanen en de tekst fan in boerd gearwurkje en standerdisaasje op dat it boerd en de ikoanen hieltyd itselde boadskip uterje⁴. Mei it yntrodusearjen fan twatalige ferkearsbuorden moat dêr fansels ek rekken mei holden wurde.

Fertroudens Bestjoerders yn Fryslân soenen der earst oan wenne moatte dat de buorden no ek yn it Frysk op 'e dyk te finen binne. Minsken moatte fertroud wurde en úteinlik fiele mei de ferkearsbuorden. It is dêrom wichtich dat symboalen en tekst brûkt wurde dy't minsken al kenne. Dit jout ek in argumint oer werom't de ferfrysing yn ien slach barre moat: sa reitsje de bestjoerders fluch wend oan de meartaligens yn it ferkear.

Mei kompatibiliteit moat der foar soarge wurde dat de Fryske tekst oerienkomt mei it symboal.

As lêste, standerdisaasje soarget derfoar dat konsekwint deselde Fryske sinnen brûkt wurde foar de berjochten. Ut ûndersyk docht bliken dat standerdisaasje it wichtichst is om de ynformaasje út de ferkearsbuorden te ynterpretearjen yn in oar lân, en dêrmei nei alle gedachten yn in oare taal dan iens memmetaal².

Al mei al kin it Frysk op in feilige manier yntrodusearre wurden yn it ferkear, sa ek al earder dien is yn oare Europeeske meartalige regio's. Dat kin dien wurde troch derfoar te soargjen dat de Fryske tekst op twa manieren typografysk ferskilt fan de Nederlânske tekst om minsken te helpen wannear't se nei de buorden sjogge. Troch it ferfryskjen wurdt it Frysk mear sichtber yn Fryslân en wurdt de line dy't earder troch it kolleezje ynset is folge.

B Ferfolchstappen

Hoe't it krekt dien wurde moat is fansels kompleks: de Nederlânske ferkearsbuorden moatte goed oerset wurde nei it Frysk en der moatte sosjo-politike karren makke wurde oer de pleatsing en typografy fan de talen. It is dêrom winsklik dat de 'best practices' dêrfoar goed ûndersocht en tapast wurde yn gearwurking mei eksperts op it mêd fan ferkear(sfeiligens). Lykas ôfpraat mei Rykswettersteat sil der yn elts gefal ek omtinken wêze foar lêsbereits, begriplikheid en it tal tekens op de bebuording. De kommende tiid sil ûnder rezjy fan de provinsje sjoen wurde nei de rânebetingsten dêr't de twatalige ferkearsbuorden oan foldwaan moatte. It is oan te rieden om it proses sa folle as mooglik yn ien stap út te fieren sa nedich fasearre, wêrby bygelyks earst maklik oan te passen buorden tagelyk ferfongen wurde, of troch it per dyk te dwaan om de ferkearsfeiligens te boargjen. As de talichheid op de buorden de hieltyd wikselje, kin it betiizjend wêze foar de weibrûker wat liede kin ta ûnfeilige situaasjes.

C Tiidspaad

Yn 'e ûnderhandelings foar de BFTK binne der al petearen west mei it Ryk en RWS oer dit dossier. Dy wurde de kommende tiid ûnder rezjy fan de provinsje fierder fierd en der sil yn gearwurking mei alle relevante partijen sjoen wurde nei hoe't dat dien wurde sil. Dy ferkenning en úteinlik konkretisearringsslach sil nei alle gedachten uterlik yn 2026 foltôge wêze. De plannen dy't dan makke binne, wurde wer oan DS foarlein.

It doel is dan ek om uterlik yn 2026 te begjinnen mei de ferfrysingsslach op de provinsjale diken op basis fan dy plannen.

Utfiering

De útfiering fan sa'n ferfrysingsslach soarget foar minimale ferkearshinder. De buorden kinne troch middel fan in ridende ôfsettingen ferfongen wurde, wat allinnich soarget foar koarte stremmings. Om de stremmings fierder te minimalisearjen is it ek wichtich dat itselde type boerd sa folle as mooglik yn ien slach ferfongen wurdt.

Boarnen

1. Landry, R., & Bourhis, R. Y. (1997). Linguistic landscape and ethnolinguistic vitality: An empirical study. *Journal of Language and Social Psychology*, 16(1), 23–49.
<https://doi.org/10.1177/0261927X970161002>
2. Gorter, D., & Cenoz, J. (2024). The Visibility of Minority Languages. In D. Gorter & J. Cenoz (eds.), *A Panorama of Linguistic Landscape Studies* (pp. 174–223). Multilingual Matters / Channel View Publications. <https://doi.org/10.2307/jj.6947033.11>
3. RVV 1990 Bylage 1, Haadstik G, BABW; Artikel 4 en 7.
4. O'Donnell, K., & Trotter, M. (2021). *Bilingual traffic signage: International experiences and outcomes* (Waka Kotahi NZ Transport Agency research note 005). Beskikber fia nzta.govt.nz/assets/resources/research/research-notes/005/005-bilingual-traffic-signage.pdf
5. Jamson, S.L., Tate F.N. & Jamson, A.H. (2005). Evaluating the effects of bilingual traffic signs on driver performance and safety – *Ergonomics*, 48(15) 1734 – 1748.
<https://doi.org/10.1080/00140130500142191>
6. Kinneer, N., Helman, S., Buttress, S., Smith, L., Walter, L. & Sexton, B. (2012). *Analyses of the effects of bilingual signs on road safety in Scotland*. (TRL). Beskikber fia: [Analyses of the effects of bilingual signs on road safety in Scotland - final report \(trl.co.uk\)](https://www.trl.co.uk/Analyses%20of%20the%20effects%20of%20bilingual%20signs%20on%20road%20safety%20in%20Scotland%20-%20final%20report%20(trl.co.uk))
7. Vingron, N., Gullifer, J.W., Hamill, J., Leimgruber, J.R., & Titone, D.A. (2017). Using eye tracking to investigate what bilinguals notice about linguistic landscape images: A preliminary study. In R. Blackwood (ed.), *Methodology in Linguistic Landscape Research* (pp. 226–245). John Benjamins. <https://doi.org/10.1075/ll.17014.vin>
8. Yang, Y., Chen, J., Easa, S. M., Zheng, X., Lin, W., & Peng, Y. (2020). Driving simulator study of the comparative effectiveness of monolingual and bilingual guide signs on Chinese highways. *Transportation Research Part F: Traffic Psychology and Behaviour*, 68, 67–78.
9. Jamson, S.L. (2004) Evaluation of techniques to improve the legibility of bilingual Variable Message Signs. *Advances in Transportation Studies*, IV. pp. 71–88.
10. Ben-Bassat, T., & Shinar, D. (2006). Ergonomic guidelines for traffic sign design increase sign comprehension. *Human Factors*, 48(1), 182–95.
11. Jamson, S. & Mrozek, M. (2016). Is three the magic number? The role of ergonomic principles in cross country comprehension of road traffic signs. *Ergonomics*. 60. 1–30.
<https://doi.org/10.1080/00140139.2016.1245874>

Toelichting grondslagen

In dit document kunt u secties vinden die onleesbaar zijn gemaakt. Deze informatie is achterwege gelaten op basis van de Wet open overheid (Woo). De letter die hierbij is vermeld correspondeert met de bijbehorende grondslag in onderstaand overzicht.

J Art. 5.1 lid 2 sub e

Het belang van de openbaarmaking van deze informatie weegt niet op tegen het belang van de eerbiediging van de persoonlijke levenssfeer van betrokkenen